



IN DOAZE FOL KROMMEN

(The Gingerbread Lady)

In komeedsje yn trije bedriuwen

fan

NEIL SIMON

Fryske oersetting

Gurbe Dijkstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.
(Grimas Theatergrime verkoop)
Tel: 072 - 5 11 24 07
E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl
Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **THE GINGERBREAD LADY - IN DOAZE FOL KROMMEN** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **NEIL SIMON** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: 1971 By Nancy Enterprises, Inc.

Copyright: Frisian translation: 1999 by Neil Simon

Copyright: © 1971 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **6** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN: *(yn folchoarder fan opkommen)*

JIMMY PERRY

POLLY

MANUEL

TOBY LANDAU

EVY MEARA

LOU TANNER

Earste bedriuw: In âlderwetske flat yn New York. Mids-novimber, yn'e neimiddei.

Twadde bedriuw: Trije wike letter sawat njoggen oere jûns.

Tredde bedriuw: De oare moarns.

DEKOR:

Alderwetske flat op'e tredde ferdjipping, dy't bestiet út in sitkeamer, sliepkeamer en links de keuken. De keamers binne oan de grutte kant mei hege plafonds. De wanden binne mei hout betimmere, moat eartiids hiel moai west ha, mar der is oerhinne ferve. Yn de tritiger en fjirtiger jierren wie dit in fantastyske flat. It meubilêr is hiel goed en wierskynlik moai west om nei te sjen, mar it is no like suterich as de piano dy't tsjin de muorre stiet, fol mei foto's dy't oan toaniel tinken dogge. Op'e tafel in steapel post.

EARSTE BEDRIUW

At it doek iepen giet sjogge wy in learen manlju's jas oer de stoel hingjen. Ut de keuken komt it lûd fan in rinnende kraan en in man dy't nûndert. Hy komt op mei in faas mei farske blommen. JAMES PERRY is foar yn'e fjirtich, bytsje grou en wierskynlik homoseksueel. Wierskynlik, net ien dêr't men it daliks oan sjocht. Flanellen broek en donkerblauwe koltrui. Hy rint earst nei it rût en sjocht nei bûten, nei ûnderen, krekt as ferwachtet er ien, dan draait er him om en siket plak foar de faas mei blommen. Hy besiket it op de piano, feroaret fan gedachten en set dan de faas mar op de lege tafel. Hy is net hielendal tefreden oer it effekt.

JIMMY: Liket nergens op. *(de bel fan de foardoar giet. Hy sjocht senuwachtich op syn horloazje, rint nei de doar en freget sûnder iepen te dwaan)* Wa is dêr?

STIM: De boadskippen. *(Jimmy docht de doar iepen en sjocht poerlik nei de boadskippejonge, in Spanjert fan sawat 20 jier mei twa grutte papieren pûden mei boadskippen ûnder de earmen)*

JIMMY: Dat hat **ek** lang duorre! Ik tocht al dat jim fallyt wiene...! Set mar yn'e keuken ast wolst.

MANUEL: *(yn de doar)* Wennet mefrou Meara hjir?

JIMMY: Ja, mefrou Meara wennet hjir. Set mar yn'e keuken.

MANUEL: *(bliuwt stean)* Is 14 dollar en 28 sinten.

JIMMY: Moai sa. Prima. Giet op rekken. Set no mar yn'e keuken. *(hy wol fuort rinne mar merkt dat de jonge stean bliuwt)*

MANUEL: Menear d' Alessandro seit dat ik 14 dollar en 28 sinten ha moat.

JIMMY: Nee, do begrypst it net. Mefrou Meara hat in rekken by jim. Rek-ken! Witst wat dat is?

MANUEL: *(knikt)* Jawol, dat is rekken.

JIMMY: **Hiel** goed. Dat is in rekken en dêr setst it op. Ik wenje hjir net. Ik bin in freon fan mefrou Meara. Set it mar op har rekken.

MANUEL: Menear d' Alessandro seit tsjin my at se tsjin dy sizze it is op rekken, dan seisto it is 14 dollar en 28 sinten.

JIMMY: Wolst dat ik menear d' Alessandro hjir oer belje? ...Wat is't nûmer?

MANUEL: Nûmer? Telefoan-nûmer? Sân-seis-seis-noch wat, ik wit it net, ik belje him noait... At jo prate mei menear d' Alessandro hy tsjin jo seit it is 14 dollar en 28 sinten.

JIMMY: *(yrritearre)* Ik hoech net by jim te bestellen, ik kin ek nei Bohack gean, ast **dat** mar witst!

MANUEL: Bohack is in moaie saak. Myn neef hy wurket by Bohack.
Se bin allegear itselde, sjogge jo.

JIMMY: (*sjocht Manuel lilck oan*) ...Ik ha gjin 14 dollar en 28 sinten. Ik ha gjin jild by my.

MANUEL: O... jout neat. Sorry. (*hy draait him om*)

JIMMY: Wêr gietst hinne?

MANUEL: Werom nei menear d' Allessandro.

JIMMY: Wachtsje. Ik sjoch wol even. (*hellet beurs út de bûse. Manuel glimket tsjin him. Jimmy draait him de rêch ta, sadat Manuel net yn syn beurs sjen kin. Hy hellet der in biljet út*) Ik ha tsien dollar.

MANUEL: (*hellet syn skouders op*) ...Dan ik lit **ien** pûde hjir.

JIMMY: (*sjocht **noch** lilker*) Bliuw stean. (*rint nei syn lammycoat, sjocht dat Manuel in pear stappen nei binnen kommen is*) Fierder hoecht net.

MANUEL: Wat foar? Bin jo bang ik kom deryn en helje jo hûs leech? Ik helje hûs net leech.

JIMMY: (*heal tsjin Manuel, heal tsjin himsels*) Nee, oerdeis net, nee. (*hellet boekje fan sosjale saken út de bûse en in pear losse dollarbiljetten. Hâldt it boekje yn de iene hân en telt it jild wylst hy werom rint*) Hoefolle seist dat it wie?

MANUEL: Noch altyd selde, 14 dollar en 28 sinten. (*Manuel set de pûden del. Jimmy pakt fjouwer biljetten en jout se oan Manuel, it W.W.-boekje falt by ûngelok op tafel. Manuel krijt it op en sjocht der nei*) O, ha ik ek hân. Is fan de W.W. Jo rinne yn de W.W., menear?

JIMMY: (*skuort him it boekje út de hannen*) Giet dy gjin soademiter oan. Wêr bemuoist dy mei? Do hast dyn 14 dollar, donderje op.

MANUEL: (*hâldt syn hân op*) En 28 sinten.

JIMMY: (*stekt syn hân yn'e bûse en hellet der wat lytsjild út. Jout it ien foar ien oan Manuel*) Tsien... fyftjin, fiifentweintich, seisentweintich, sânentweintich, achtentweintich sinten. (*Manuel besjocht it, knikt ynstimmend*) ...Sa. Ik jou gjin foai. Ik wenje hjir net. Ik jou gjin foaien yn in oar syn hûs.

MANUEL: Ik wol ek gjiniens gjin foai. Jo ha gjiniens gjin baan, ik ha gjin sin yn foai fan jo.

JIMMY: En ik ha gjin sin yn meilijen fan dy. Ik fyn dy ferdomd bretaal foar in loopjonge.

MANUEL: Wat no, fyn jo Spanjerts net fijn?

JIMMY: Wa hat it oer Spanjerts godsamme?! Do bist de iennige Spanjoal dy't ik strontferfelend fyn. En gean no mar.

MANUEL: Ik wit wat foar jonges jo wol fijn fine, menear. (*hy makket it lûd fan twa klaptuten mei spitste lippen*)

JIMMY: Soademiterje op!! (*Manuel glimket en draaft nei bûten, docht de doar achter him ticht. Jimmy docht de doar op'e skoattel en rint dan noch hieltyd poerrazend nei de beide pûden mei boadskippen*) ...Ik soe hjir foar gjin goud wenje wolle... (*nimt de pûden en giet nei de keuken*) Je kinne gewoan neat mear sizze, se tinke drekt dat je oan rassediskriminaasje dogge... Goare Meksikaanske hûn! (*giet de keuken yn. Wy hearre it ritseljen fan de papieren pûden. Dan giet de telefoan. Jimmy komt foar't ljocht mei in blik kofje yn'e hân en rint nei de telefoan*) Hallo?... Nee, se is der net, ik ferwachtsje har elk momint. Mei wa praat ik?... Hoesa? Wat bedoele jo?... Oo!... Mar ik wit seker dat mefrou Meara net de bedoeling hân hat om har telefoanrekken te ferjitten, se hat tsien wike fuort west, se wie siik... Jo snije har dochts net ôf, hoopje ik? Se betellet sa gau at se thús is... Al de fjirde oanmoanning? Leave sei... Mar dat jild is hielendal gjin punt, ik bedoel it is Evelyn Meara, de sjongster... Tiisdei moat it jild by jo binnen wêze, ja ik sil it sizze. Tankewol, tige freonlik fan jo. (*hy hinget op. Tsjin de telefoan*) Trije jier wachtsje oant je ien ha mar at je net betelje, helje se'm deselde deis noch op! (*giet fierder mei it iepen meitsjen fan it blik. Der wurdt belle. Hy draait him om en sjocht nei de doar. Hy is dea-senuwachtich, set it blik kofje op de stoel, faget de hannen ôf oan'e broek en rint nei de doar. Ropt sûnder iepen te dwaan*) Wa is dêr?

TOBY: Wy binne der. Wy binne der. (*Jimmy besiket om de doar iepen te krijen mar dat slagget net, want hy is fergetten dat de skoattel derop sit. Hy besiket de skoattel der ôf te krijen mar dat kostet even muoite*)

JIMMY: (*ropt*) Wachtsje even, ik bin sa ferrekte senuwachtich. (*einlings krijt er de doar iepen en TOBY LANDAU komt deryn, in hiel moai froutsje fan krekt yn'e fjirtich, wat je har nooit jaan soene. Dat komt omdat se elke minút fan de dei dwaande is om der ek yndied sa jong út te sjen. Se is goed klaaid, se hat in hiel moai pak oan. Se draacht in grutte, swiere, net sa bot elegante koffer*) Sjoch ris... ik stean te triljen as in blêd oan'e beam.

TOBY: (*komt der yn*) Dêr moatst dy tsjin my net oer bekleie. Ik ha krekt fan Long Island ôf fjouwer oeren yn in taksy sitten. Sjoch ris nei bûten, dan sjochst in skatrike taksysjauffeur. (*se sjocht om har hinne*)

JIMMY: Wêr is se? (*sjocht troch de doar nei bûten*) Evy? Wêr is Evy?

TOBY: Se seit de buorfrou even goeie... ik miende datsto de flat skjinmeitsje soest. Do hast dochts sein datst de flat skjinmeitsje soest foar Evy?

JIMMY: Ik ha besocht om de meubels oars del te setten, mar it begong hieltyd mear op in stasjonswachtkeamer te lykjen. Wêr is se? Is't goed mei har?

TOBY: Ja, mar do skrikst ast har sjochst. Der is tritich pûn ôf.

JIMMY: Hearken noch ta.

TOBY: Ien ding moat my fan't hert; in rêsthûs foar alkoholisten is it slimste wat der is.

JIMMY: Ik hie noait tocht dat se it folhâlde soe. Ik bin op fan de senuwen. Wat sis ik tsjin har? Wat doch ik at se foar my stiet?

TOBY: Do joust har in tút en seist datst wei fan har bist, mar it allerbelangrykste is datst har fertrouwt.

JIMMY: Ik smoar har at se oait noch ien drip oanrekke... Wêr bliuwt se no, ferdomme. *(wy hearre Evy's stim tichteby de doar)*

EVY: *(bûten)* Ik stean yn de hal. Set dy skrep!

JIMMY: Ik set my skrep. *(Evy komt der yn, in nertsjas, steapeltsje boeken yn de hân)*

EVY: Asjebleaft. Fantastysk! Wier of net?

JIMMY: Grutte god, it is net wier! Wa is dat? Wa is dat fan-tastyske minske?

EVY: Litte wy hoopje dat ik it bin, oars ha se my foar 2700 dollar besoademitere.

JIMMY: Mei'k dy pakke?

EVY: Dat meist.

JIMMY: *(flijocht har om'e hals en tutet har. Hy befielet har)* It is wier. It is der ôf. Der is tritich pûn ôf. Wêr hast dy litten?

EVY: Hoesa, wolsto se ha? Se sitte yn de koffer.

JIMMY: Ik bin ferbjustere. 't Is krekt as praat ik tsjin in frjemd. Stel my even foar, je.

TOBY: Jimmy, dit Evelyn Meara. Witst noch wol? Se song eartiids yn'e nachtklup.

JIMMY: Dy dikke frou? Dy't altyd safolle dronk? En dy't sa'n taal útsloech? Nee dochs. Dit hjir is in leuk meager minske. Ast har in jurk oanlûkst kinst har oeral mei hinne nimme.

EVY: Ik wol net oeral mei hinne. Ik wol hjir, yn myn eigen flat... O, hearlik om wer thús te wêzen. *(se sjocht yn't rûn)* Ferrek, it sjocht der allegear hiel oars út ast nochter bist. Ik miende dat ik wol twa kear safolle meubels hie.

TOBY: Gietst no sitten? Se wol net sitten gean. Underweis yn de taksy hat se ek hieltyd rjochtop stien.

JIMMY: Silst wol rammelje fan de honger. Wannear hast foar't lêst iten?

EVY: Yn july ha'k noch in slaadsje hân. Ik ha gjin honger.

TOBY: De dokters seine dat se de bêste wie fan alle pasjinten. Sels de ferpleechsters wiene grutsk op har.

EVY: 't Is wier. Ik wie de bêste sûplap fan de ôfdieling... *(se sjocht nei in bijset-taffeltsje)* Hearken ja, no wit ik it wer. Ik hie twa sokke. Dat oare ha'k troch de glêzen kinkele.

JIMMY: Ik wol wat te iten foar dy meitsje. In bakt aai mei spek en in pot kofje. Gean sitten. Ik bin der mei fiif minuten wer.

EVY: Do likest ús mem wol. **Lit** my. Ik ha mysels martele om dy tritich pûn kwy't te reitsjen.

TOBY: Jimmy, hâld op, do makkest Evy senuwachtich.

JIMMY: Ik meitsje my soargen om har. At der net ien is dy't it foar har klear makket, yt se noait wer.

EVY: Dat iten komt takom jier wol. It is goed mei my. Lit my genietsje.

JIMMY: Ik sil dy net keare. *(tsjin Toby, sacht)* Tinksto dat it goed mei har is? *(Toby knikt)* Moat se neat ynnimme? Pillen of sa?

TOBY: Allinne wat kalmearings-tabletten. Dy sitte yn har tas.

JIMMY: Mar neat swiers? Gjin hynstemiddel?

TOBY: En in piltsje om yn sliep te kommen.

EVY: *(by de keukendoar)* At de beide dokters miskien even allinne wêze wolle, ik kin altyd werom nei de klinyk... Wêrom flústerje Jim?

JIMMY: Wy flústerje net. Wy prate sacht.

EVY: Jim flústeren.

JIMMY: Wy flústeren net. Wy praten sachtsjes.

EVY: Wêrom praten jim sachtsjes?

JIMMY: Omdat wy net wolle datsto hearst wat wy sizze...

TOBY: Jimmy makket him soargen om dy, dat is't.

EVY: At hy him soargen om my makket, lit er it dan lûdop sizze. Ik ha de pest oan flústerjen. At der in dokter flústere yn'e klinyk, wie der de oare deis ien dea.

JIMMY: Goh, sorry hear, sorry.

EVY: Ik ha tsien wike fuort west om better te wurden en do hast oan fiif minuten genôch om my wer gek te meitsjen.

TOBY: Jimmy hat it sa net bedoeld, skat.

EVY: Ja, jou him de skuld! Toe no! Do flústerst krektlike goed.

TOBY: Ik moast wol. Hy frege my wat flústerjend.

JIMMY: Sille wy ophâlde?

TOBY: Ik bin net begongen.

EVY: Jezus, dy gekken yn'e klinyk wiene makliker as Jim twaën.

JIMMY: It spyt my, Evy. Echt wier. Ik bin bang om wat ferkeards te sizzen. Ik wit my gjin hâlding te jaan tsjinoer ien dy't krekt fiif minuten thús is fan in ûntwenninskuer.

EVY: Doch gewoan. Krekt as altyd.

JIMMY: Dit IS gewoan, krekt as altyd.

EVY: O ja? No, miskien is dat dan wol de reden dat ik oan de drank rekke bin.

TOBY: Leuk hear. Minsken, wat in gesellige thúskomst.

EVY: (*lûkt in bytsje by*) Och... ik bedoel it net sa rottich... ik tink dat ik in bytsje senuwachtich bin... Do moatst it dy mar net oanlûke. Jimmy, witst wêr't ik no ferskriklik sin oan ha? In bakt aai mei spek en in pot kofje.

JIMMY: **Mienst** dat no?

EVY: Ik ha der elke nacht fan dreamd. Earst dreamde ik fan seks, doe fan bakt aai mei spek.

JIMMY: Ik sil dat aai foar dy bakke. It oare kin ik net foar dy regelje. (*ôf nei de keuken*)

TOBY: (*sjocht nei harsels yn de spegel*) Wat kin ik dwaan, Evy?

EVY: Ophâlde mei dat sjen nei dy sels en my in sigaret jaan.

TOBY: Do bist senuwachtich, hin?

EVY: Ik hie sa de pest oan dy ynrjochting, dat ik lúsjeferers opsparre om de boel yn de brân te stekken. It wie ferdomme in tichthûs, ik ha der gjin oar wurd foar. Mar doe't ik fuort koe, wie ik bang om te gean... ik fielde my der ynienen sa lekker thús... Mei ik no asjebleaf myn sigaret?

TOBY: Do hast hast al in pakje op sûnt wy út'e klinyk binne. Meist fan de dokters wol roke?

EVY: Ast ien kear dyn rekken betelle hast en fuort bist sil it har in soarch wêze, al wurdst ferkrachte troch in túnkabouter. (*se nimt in sigaret en rookt*) Ik tocht dat ik tûzen en ien dingen te dwaan hie at ik ien kear thús wie. No bin ik thús, miskien seis minuten en ik ferfeel my dea.

TOBY: Do hast even tiid noadich, Evy. Dêrnei begjint dyn libben hielendal opnij en do wurdst in **hiel** moai en ienich minske krekt as ik.

EVY: Wat is dat? Wat smarsto dêr foar spul op dyn gesicht?

TOBY: Dat is spul om de hûd te beskermjen. Sjochst hoe glêd at myn hûd is. Hast oait fergrutte poarjes yn myn hûd sjoen?

EVY: Ik ha dyn gesicht noch noait sjoen... Wa bist eins?

TOBY: In frou moat altyd sa moai mooglik wêze. Dat is har froulike plicht. Ik bin gek op myn eigen smoeltsje, do ek net?

EVY: Ja hear, do bist byldmoai. Al krigest in keale kop en foelen al dyn tosken út, dan wiest noch byldmoai. Hâld doch ris op oer dy sels.

TOBY: Kin ik net. Slim hin? It is in obsesje.

EVY: Do dochst my tinken oan dat krank sinnige minske yn de keamer neist my. Dy sette alle jûnen krolspjelden yn har eachteisters. Se

tocht dat alle dokters smoar op har wiene. In sûplap fan sânentachtich.

TOBY: Wat in moai ferhaal. Bist fan doel om dêr sitten te bliuwen? Moatst net útpakke of sokssawat?

EVY: Wat útpakke? In piama en in flesse wonderoalje foar de poeperij? Dy sliepkeamer kom ik trouwens net wer yn. Dêr ha'k myn heale libben ferpest, de twadde helte doch ik it kalm oan.

TOBY: Dat begryp ik. Mar hoe komst dan yn de badkeamer?

EVY: Oer it dak en dan by de reinpiip del nei ûnderen. Meitsje do dy no mar drok oer dyn gesicht, wolste?

TOBY: Ik meitsje my oer allebeide drok. Ik woe dat ik jûn by dy bliuwe koe.

EVY: No, wêrom bliuwst net?

TOBY: Ik moat nei Martin yn de Pavilon. Der is in sakediner; ik moat it de klant oangenaam meitsje.

EVY: In moaie freondinne bisto.

TOBY: Hè, sis dat no net. Ik bin in fantastyske freondinne. En gevoelich bin ik ek. Do wolst my dochs gjin fertriet dwaan?

EVY: Moatst net stúmje. Dan komme der barsten yn dyn make-up en sitst mei in lawine op dyn gesicht.

TOBY: Mar Jimmy kin ommers by dy bliuwe.

JIMMY: (*stekt syn holle troch it keukensrút*) Jimmy hat in audysje om kertier foar seizen.

TOBY: Do seist datst jûn frij wiest.

JIMMY: Wie ik ek, mar doe kaam der in audysje tusken. Dat is myn brea no ien kear.

TOBY: Kinst it net ôfsizze? Foar Evy?

JIMMY: Noch net foar Paul Newman.

TOBY: Och heden, Evy, wat spyt my dat no. Wat dochst jûn?

EVY: Ik set de T.V. oan en ik gean spierlike neaken foar de omropper stean. Wat moat ik no ferdomme hielendal allinne?

TOBY: Do kinst Polly belje. Se is no wol thús út skoalle.

EVY: Ik ha my noch net ynsteld op in wersjen mei myn dochter, do wurdst bedankt. Witst wêr't ik sin oan ha? Om myn soadsje by elkoar te pakken en sjen dat ik hjir wei kom.

TOBY: Wêrom ferhuzest dan net?

EVY: Stompy, omdat ik hjir mar 120 dollar betelje foar trije keamers en in keuken. Ik ha it yn ûnderhier.

TOBY: Do kinst wol wat liene fan Marty en my oan'st wer wurk hast.

EVY: Wurk? Sjonge yn in nachtklup? Myn lêste optreden wie twa jier ferlyn yn Pittsburgh. Ik ha dy minsken in rekord besoarge. Santjin kear fan myn barkruk lazere yn ien show; no do en dan ik.

TOBY: Ja, dat ferhaal kin ik. Ik wol it net mear hearre.

EVY: Ik dielde de klaaikeamer mei in skepsel fan it fariëtee dat ek in nûmer hie. Se foel op my. Ik leau dat wy tegearre ek noch in nûmer dien ha, mar hoe wit ik net mear...

TOBY: Do hoechst net yn nachtklups te sjongen. De televyzje is der ek noch en Martin kin wol minsken út it reklamefak. Do spilest de kat yn in spotsje fan knabbel-mispoes en do bist binnen... Ik moat fuort.

EVY: No al?

TOBY: Ja, spitich genôch. Marty wachtet op my.

EVY: Do litst my gewoan sakje. Ik tocht datsto hjir bliuwe soest om tegearre âld te wurden.

TOBY: Doch net sa gek. Ik wurd noait âld... Ast echt wanhopich bist, gean ik net.

EVY: Hast it wol ris meimakke dat ik net wanhopich wie?

TOBY: Nee, noait. Ast my sikest bin ik by Marty op kantoar en dêrnei yn de Pavilon. Sil ik wat foar dy komme litte?

EVY: Wat soest sizze fan de oberkelner?

TOBY: Armand? Dy falt net op froulju.

JIMMY: (*komt deryn mei tsjinblêd*) Stjoer'm dochs mar; wy fine wol wat foar him.

TOBY: Evy, it wie ien fan de moaiste dagen fan myn libben.

EVY: Toby, asto net kommen wiest om my op te heljen...

TOBY: Ik sei it ommers al? It is myn gewoante om tongerdeis ier en betiid op Long Island te wêzen. Fertel my noch ien kear hoe byldmoai ik bin.

EVY: Helena fan Troye is it net wurdich om dyn poeierdoaske te dragen.

TOBY: Evelyn, ik nim it oan. Ferdomd at it net wier is. Ik belje út it restaurant. (*rint nei de doar, stiet stil*) Sis... sis it noch **ien** kear.

EVY: Wat moat ik sizze?

TOBY: Watst my beloofd hast yn de taksy.

EVY: ...Ik sil in grutte faam wêze. Foar altyd en ivich.

TOBY: Hè gètferdemme, ik moat gûle; myn make-up nei de bliksem. (*giet fluch ôf en Evy draait har om nei Jimmy*)

JIMMY: Brânhout-meager mispunt, wat bin ik grutsk op dy.

EVY: Hast dêrom yn gjin tsien wike by my west?

JIMMY: Ik kin net oer sikehuzen, dat witste. Ik fal fan myn stokje yn sikehuzen. At ik oait in ûngemak krij dan rop ik 'Bring my nei de drogist', mar noait 'Bring my nei in sikehûs'.

EVY: It wie gjin sikehûs. It is in sanatoarium foar sûplappen.

JIMMY: Se ha grif wite skuon en watteballen, en dan ha ik al west.
(*jout har in kop kofje*) Ha ik dy net hast elke dei belle? Ha ik dy gjin boekjes stjoerd?

EVY: Ja, "Koningin Alexandra en har hemofile soan" seker. Hie my leaver in hantlieding oer seks stjoerd, Iulhannes!

JIMMY: It spyt my dat ik sa aardich foar dy west ha. Oare kear stoer ik dy allinne in kaartsje mei 'betterskip' der op.

EVY: Hoefolle krijst fan my foar de boadskippen?

JIMMY: Ik ha se kado krigen. Ik ha it oanlein mei de loopjonge.

EVY: Oare kear doch ik de doar iepen. Kom op mei dy rekken.

JIMMY: Doch net sa gek. Ik ha ommers gjin jild?

EVY: Do hast krekt yn in show stien.

JIMMY: Dat wie yn oktober en wy ha twa foarstellings jûn. Doe waard de saak ferbean troch de plysje. En freegje my net wat ik yn myn bleate kont op it toaniel die mei noch seis oaren.

EVY: Wie it wat seksueels?

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto